

Preek oer 1Pt.2,16.17 (It Hearrenfean (NGK), 13-11-11)

Foarsang: ELb 218

Fotum en groetnis

LfT 330

Gebed

ELb 241 (Grytsje Kingma)

L 1Pt.2,11-17

Ps.37:2,3

L 1Pt.2,18-25

ELb 279

T 1Pt.2,16.17

ELb 246 (middensang)

ELb 224 (Grytsje Kingma)

GKb 161 (belidenis fan it leauwe)

Gebed

Kollekte

ELb 170:1,3

Segen

Ps.72:7b (amen)

Gemeente fan 'e Heare Jezus,

Fan 'e wike is it sechstich jier ferlyn dat in hiele keppel sympatysanten fan 'e Fryske dichter en sjoernalist Fedde Schurer troch de plysje mei kneppels fan it Saailân yn Ljouwert jage waard. Dy dei is de skiednisboeken yngien as kneppelfreed. Om foar te kommen dat dy stege Friezen yn opstân komme soenen tsjin 'e Hollanners, krigen se fan de oerheid de frijheid it Frysk ek op skoalle en yn 'e rjochtseal te brûken. It hat oars noch in hiel skoft duorre foar't it Frysk de status fan twadde lânstaal krige, mar dochs, mei Kneppelfreed is it begûn.

Ek al waarden dy kneppels net brûkt troch de Friezen, mar troch de Hollanners, dochs liket de Fryske beweging net mear sa wiis te wêzen mei dy namme 'kneppelfreed'. It motto foar de betinking fan Kneppelfreed is ommers: 'Net kneppelje, mar keppelje'. Blykber wol men net dat Friezen mei kneppels assosjearre wurde. Dat de Friezen lang ferlyn de bile brûkt ha om Bonifacius te kopjen, is al slim genôch.

No is dizze snein útroppen ta Fryske snein. Mar wêr moatte wy it fan 'e jûn dan oer ha? Ik haw my ynspirearre litten troch dat motto foar de betinking fan Kneppelfreed: 'Net kneppelje, mar keppelje'. Mar earlik sein, bin ik wat hingjen bleaun by de earste helte fan dat motto: net kneppelje. Ik moast doe fuortendalik tinke oan dat wurd út it earste brief fan Petrus: "As jimme jim geduldich slaan litte om't jimme ferkeard dien hawwe, is dat neat bysûnders. Mar as jimme it goede dogge en dan lije moatte, dat jout geunst by God". Kristenen moatte net kneppelje, mar moatte kneppele wûrde. "Want ek Kristus hat foar jimme lit. Hy hat jim in foarbyld jûn, dat jimme yn syn fuotstappen gean soenen". Ik wit net oft de

Fryske beweging der wiis mei is dat ik no krekt dêr oer preekje moat op dizze Fryske snein. Ik kin my yntinke dat men mei de tekst dy't ik útkard ha net sa ynnommen is: "Freezje God en earje de keizer". Want jou ik dêrmei net Fedde Schurer in traap nei? Hie hy net allinnich respekt foar God, mar ek foar de oerheid ha moatten? Hienen syn oanhingers net lilk wurde mocht doe't se kneppele waarden, mar har geduldich slaan litten moatten?

Mei dy fragen haw ik my net ophâlden. Ek omdat ik by 'kneppelje' net yn 't foarste plak tink oan sechstich jier ferlyn, mar oan hjoed. Wat wie der fan 'e Arabyske maaitiid telâne kaam, as de minsken har liede litten hienen troch dat wurd fan Petrus? Dan hienen Moebarak en Khadaffi ommers noch altiten oan it bewâld west? Mar ek op dy aktuele fragen kin ik yn dizze preek gjin antwurd jaan. Want in preek heart neffens my net te gean oer wat oaren mei it wurd fan God moatte, mar oer wat wy der mei moatte. Alderearst ik, mar dan ek jo en jim.

Petrus skriuwt syn brief oan minsken dy't by in minderheid hearre. Net omdat se Frysk prate, mar omdat se kristen binne. Krekt dêrom is dat brief fan Petrus wer sa aktueel. Hûnderten jierren hoegden wy net sa folle mei it boadskip dat je de oerheid earje moatte, ek as dy je ferdukt. Want Nederlân wie in kristlik lân mei in kristlike oerheid. Mar dy tiid is oer. Noch altiten libje wy yn in lân mei frijheid fan godstsjinst. Mar je krije somtiden it gefoel dat dy frijheid wol wat ûnder druk stiet. As frijheid fan godstsjinst noch net betsjut dat je it rjocht hawwe je dochterke te besnijen, dan kinne wy it dêr wol mei iens wêze. Mar as frijheid fan godstsjinst ek net betsjut dat je it rjocht hawwe en slachtsje in ko sûnder it bist earst te ferdôvjen, dan wurdt it al wat dreger. Want wêr hâldt dit op? Ek ast sels net op it stânpunt fan 'e SGP stiest dat froulju net ferkeazen wurde meie yn in politike funksje, hawwe de oanhingers fan dy partij dan net de frijheid om de Bibel – wat my oanbelanget – ferkeard te lêzen? Hoefolle romte ha wy noch om it wurd fan God ferkeard te lêzen? En ferkeard yn waans eagen dan? Wat moatte wy dwaan as wy sels hearrich wêze wolle oan wat neffens ús de wil fan God is, mar dy wil fan God yn striid is mei de miening fan 'e mearderheid? Moatte wy ús mei ús leauwe dan mar weromlûke achter de foardoar? Moat ús leauwe him ûntwikkelje ta in persoanlik leauwen yn stee fan in iepenlik leauwen?

Doe't ik ris oan in kategisaasjegroep frege wat neffens har ús hâlding wêze moat, no't wy as kristenen yn 'e minderheid binne, sei ien fan 'e jongerein: "Wy moatte as kristenen just wat agressiver wurde. Wy binne fierstente leaf foar oare godstsjinsten. Dat binne sy foar ús ek net. Wy jouwe har alle romte om moskeeën te bouwen. Tochtst dat sy ús de romte joegen om tsjerken te bouwen, wannear't de rollen omdraaid wienen? Dat, lit net oer dy hinne wâldzje. Dat sa'n Geart Wilders no sa grut is, komt omdat hij seit wat wy sizze moasten.

Miskien tinke jo sa ek wol. Dan moat ik der wol by sizze dat dat antwurd kaam nei't ik har it stikje út it earste brief fan Petrus lêze litten hie dêr't dizze preek oer giet. Doe't dêr neat

op weromkaam, frege ik harren: “Mar binne jim it dan iens mei Petrus?” Doe sei dy jonge: “No, ikke net!” Dochs hie dyselde jonge der gjin muoite mei om by Petrus te lêzen oer de Heare Jezus: “As Er útskolden waard, die Er it net werom. As Er mishannele waard, kaam Er net mei drigeminten fanwegen, mar joech it oer oan God dy’t rjochtfearlich oardielet. Hy hat persoanlik ús sûnden yn syn lichem oan it krús droegen. Sa woe Er ús frijmeitsje fan ’e sûnden en ús libje litte foar de gerjochtichheid”. Dat stikje makke yndruk op ’e hiele groep. Dêr wurde je dochs stil fan? Hoe kinne je it hjir no net mei iens wêze? Dit is dochs de kearn fan ús leauwe?

Dochs hat dat foar Petrus sels net altiten sa west. Hy hie der wol muoite mei dat syn Heare foar him de wei fan it lijen opgean woe. Doe’t Jezus foarsei dat Er lije en stjerre moast, luts Petrus Him fansiden en ûnderstie Him dêroer: “Mei God Jo dêrfoar bewarje, Hear, dat sil Jo dochs net oer komme” (Mat.16,22). En doe’t Jezus Him yn ’e hôf fan Getsemane ynrekkenje liet, luts Petrus in swurd en sloech de feint ’e hegepryster it rjochtereare ôf (Joh.18,10). As dyselde Petrus no skriuwt yn syn brief dat Kristus’ geweldleaze hâlding in foarbyld foar ús wêze moat, dan sit dêr dus in komplette bekearing achter. No’t hy wit wat it foar Jezus ynhâlde om Kristus te wêzen, wit Hy ek wat it foar himsels ynhâld om kristen te wêzen. Kristus moast lije en dêrom moat ik ek lije. Je leauwe net echt yn Kristus as je der neat fan witte wolle dat Hy lije moast. Mar je leauwe ek net echt yn Kristus as je sels net lije wolle. It iene kin net sûnder it oare. Dêrom doocht it net dat it foar dy jonge hiel gewoan wie dat Kristus foar him lit hat, mar hiel ûngewoan dat hy foar Kristus lije moast. Mar ik tink dat dy jonge net de iennichste is by wa’t dat net doocht.

Dat is it earste dat ik sizze wol by dizze betinking fan kneppelfreed. Wy hawwe in Hear dy’t net allinnich kneppele, mar ek krusige waard. Friezen dy’t dy Hear tsjinje, moatte dêrom net de kneppel opnimme, mat it krús op har nimme.

Mar foar’t ik dat wat fierder útwurkje, sille wy earst mei-inoar sjonge: liet 246 út ’e Evangelyske Lietebondel.

Petrus set it stik dat wy mei-inoar lêzen ha út syn brief útein mei de wurden: “Bêste freonen, ik stean der by jim op oan, dat jimme as frjemden en tydlike bewenners jimme fier hâlde fan ’e sûndige begearten. Want dy stride aloan tsjin jim wiere libben”. Wat bedoelt hy dêrmei, dat wy frjemden en tydlike bewenners binne? Dat de minsken sa nei ús sjogge? Dat ek. Dy kristenen kinne mar net hielendal yntegrearje yn it Heitelân. Want sy binne earst boarger fan in keninkryk yn ‘e himel en dan earst boarger fan in keninkryk op ierde. It binne krekt fan dy bûtenlanners mei in dûbeld paspoart. Earst binne se Turk of Marokkaan, en dan earst Nederlanner. Om mei Geart Wilders te sprekken: sokke minsken ha in dûbele loyaliteit.

Se kinne hjir net aardzje, omdat se hjir net aardzje wolle. As it der op oan komt, kieze dochs foar har woartels.

No, seit Petrus, dat sil wol útkomme. Sterker noch, dat moat ek útkomme. Want as jim krekt as de minsken om jim hinne libje oft it gelok hjir te finen is, dan binne jim miskien gjin frjemden op ierde mear, mar wurde jim wol frjemden yn it keninkryk fan 'e himel. Dan bist echt fier fan hûs!

Mar betsjut dat no dat kristenen dus in dûbelde loyaliteit ha? Neffens Petrus is dat perfoarst net sa. Yn 'e tekst foar de preek seit er ommers: "Haw earbied foar alle minsken, haw jim kristenbruorren leaf, freezje God en earje de keizer". Is de folchoarder fan dy wurden dy opfallen, myn broer of suster? Petrus seit net: 1. freezje God, 2. haw jim kristenbruorren leaf, 3. haw earbied foar alle minsken, dus 4. earje ek de keizer. Nee, dy fjouwer dingen steane yn 't wylde wei trochinoar hinne. Wy kinne wol miene dat foar Petrus it freezjen fan God dochs wol it wichtichste wêze sil, mar ek as dat wier is, dan noch moat dat dêrút bliken dwaan, dat ús meiminsken op 1. steane: "Haw earbied foar alle minsken".

Mar dat hie Petrus al earder sein yn it stikje dat wy fan him lêzen ha, allinnich is dat yn ús Bibeloersettings net werom te finen. Yn de Nije Fryske Bibeloersetting fan fers 12 stiet nammentlik: "Wit jim plak foar alle minsklike ynstellings oer". Mar eins stiet der: "Jou jim del ûnder elk minsklik skepsel". Dat wurket de apostel sa út: boargers moatte har deljaan ûnder de keizer, slaven moatte har deljaan ûnder har master en, as wy trochlêze yn haadstik 3, froulju moatte har deljaan ûnder har man. No giet dizze preek net oer haadstik 3, mar as jo witte wolle hoe't ik dat stik oer de ferhâlding fan manlju en froulju lês, dan moatte jo de Fryske preek dy't ik dêr op memmedei oer hâlden ha op it ynternet mar neilêze. Foar no is it genôch en stel de fraach: is de wei dy't Petrus hjir wiist gjin klearebare slavernij? Dat sjocht er dan sels oars, want Hy skriuwt dat je troch je del te jaan ûnder elk minsklik skepsel je no krekt hâlde en drage as frije minsken.

Fan 'e wike behannele ik mei fraachlearen Slein 12 fan 'e Kategismus. Dêryn stiet dat in kristen profeet, pryster en kening is. Ik frege oan in jonkje: "De kristen as kening, kinste dy dêr wat by yntinke?" Hy sei: "Jawol, hear". Ik bliid fansels. "Lis ris út". Ik ferwachte dat er sizze soe wat der yn 'e kategismus stie: dat je as in kening tsjin de sûnde stride moatte. Mar it jonkje hie in better antwurd as ik. Hy sei: "Ik bin in kening, omdat nimmen my fertelle hoecht wat ik dwaan moat. Ik doch allinnich dingen omdat ik se sels wol". Moai net? Fjirtjin jier en no al wizer as syn dûmny mei syn kategismus.

Mar sa is it wol. As Petrus tsjin slaven seit dat se har deljaan moatte ûnder har master, dan is dat net it yntraapjen fan in iepen doar, omdat sa'n slaaf de frijheid net hat om in oare kar te meitsjen. Dy frijheid hast wol, seit Petrus. Want Jezus hat dy in frijheid jûn dy't

nimmen dy ôfpakke kinne. God is foar dy, ek as eltsenien tsjin dy is. Al kinne sy dy allegear wol fuortsjen, God net. Hy sil dy foar ivich mei leafde oansjen. Tink dêrom mar oan syn freonlik antlit en wit datst ienris mei Him each yn each stean meist. Dat jou dy mar as in Kening del ûnder dyn master. En as hy dy slacht, lit it dan net wêze omdatst ferkeard dien hast, mar omdatst goed dien hast.

Ik moat earlik sizze dat ik it mei dat wurd fan Petrus noch altiten net te rom ha. Ik kin wol sizze dat it net earlik is dat minsken krityk op my ha, wylst ik dochs it goede dien ha, mar is dat wol sa? Sis ik dat net om myn ferkeardens goed te praten? Bin ik net noch fiersten tefolle dwaande mysels skjin te praten, yn stee fan my troch Kristus' bloed skjin waskje te litten? Mar miskien hawwe jo dêr ek wol lest fan. Wy kinne it o sa mei Petrus iens wêze dat it neat bysûnders is dat je slein wurde as je ferkeard dien ha, mar as wy sels yn 'e lytse loege sitte, fine wy dat al bysûnder. Mar sitte wy as kristenen dan yn 'e lytse loege omdat ús hâlden en dragen ûnder har dy't net leauwe sa goed wie?

Ik tink dat in soad geklei oer de teloargong fan it kristlike Nederlân gjin sizze lije kin. Want dat der safolle minsken gjin kristen mear binne of noch wurde wolle, moat ek dêrmei te krijen ha dat men yn al dy kristenen Kristus net moete hat. Dat kristenen in frede kenne dêr't je mei it ferstân net by kinne (Flp.4,7), dêr ha se net folle fan fernaam. As dêr ek mar sa'n lyts bytsje fan oan is, moatte wy net stean op ús rjocht op frijheid fan godstsjinst, mar moatte wy wer leare fan genede te libjen. Miskien kin ús ôfhinklikens fan minsken ús wer leare wat it betsjut en wês ôfhinklik fan God. It iennichste dêr't wy rjocht op hawwe is syn oardiel en dat hat Kristus foar ús ûndergien.

Hoe wurket dy genede troch yn ús libben? Menno Simons hat ris skreauwen: "Wat jout it as wy belide dat wy yn genedetiid libje en sizze dat it keninkryk fan God yn ús en by ús kaam is, as wy dat keninkryk net iens yngean meie troch ús ûnleauwige, ûnhearrige en skandlike wize fan libben? It telt net dat wy yn genedetiid berne binne en mei Kristus stoarn binne, as wy ús net skikke en libje nei syn wurd en wil". Dit jier is foar Fryslân net allinnich in betinkingsjier omdat it sechstich jier lyn Kneppelfreed wie, mar ek omdat it fjouwerhûndertfyftich jier lyn is dat de Fryske reformator Menno Simons stoarn is. Hy is net de heit fan 'e grifformearde, mar fan 'e menisten. Ik bin grifformearde en gjin menist. Mar ik haw dit jier by Menno dingen lêzen dy't ik as grifformearde noait leard ha, ek al stienen se altiten al yn it earste brief fan Petrus. Mar miskien komt dat omdat menisten noait yn 'e mearderheid west ha, mar ferdrukt waarden, earst troch de roomsken en doe troch de grifformearde. Doch ha se har net mei geweld fersetten, mar har deljûn ûnder elk minsklik skepsel. "Dêr binne jim ommers ta roppen?", skriuwt Petrus.

Hy seit it sels noch wat sterker: “It is genede as immen, om’t er mei God rekken hâldt, lijen ferneare moat”. Yn ’e Nije Fryske Bibeloersetting stiet der yn fers 19 wat oars. Net dat it genede is lijen ferneare te moatten, mar dat je Gods geunst dêrmei winne kinne. Dochs bedoelt Petrus net dat ús lijen beleanne wurde sil mei Gods genede, mar dat ús lijen al in bewiis fan Gods genede is. Doe’t ik dat fers mei myn kategisaasjegroep bespruts, sei der ien: “Genede? Dêr hie ik my wat oars by foarsteld”. Miskien tinke jo dat ek wol.

Mar Petrus wist dat je noait tichter by Jezus wêze kinne as wannear’t je lije moatte. Net ast Him om ferjouwing fregest foar it ferkearde datst dien hast, mar ast lijen ferneare moast om it goede datst -- dien hast. Dan litst echt it byld fan Kristus sjen.

Om ferjouwing freegje ast ferkeard dien hast is al slim genôch. Fral ast net God, mar in minske om dy ferjouwing freegje moast. Dan hast oanstriid dysels te ferdigenjen. Nammerste mear hast dy oanstriid, ast net it ferkearde, mar it goede dien hast. Dochs seit Petrus: “Ferdigenje dysels net. Net ast ferkeard dyn hast, ek net ast goed dien hast. Want ek Kristus hat lit, net oan syn eigen skuld, mar oan ’e skuld fan oaren. Dêrmei hat Er dy in foarbyld jûn, datst yn syn fuotstappen gean soest. Hy hat persoanlik dyn sûnden yn syn lichem it krús op droegen. Sa woe Er dy frijmeitsje fan ’e sûnden en dy libje litte foar de gerjochtichheid.

“Mar as Kristus al foar ús lit hat, wêrom moatte wy dan noch lije?”, frege ien fan ’e jongerein. No, yn elts gefal net om de straf fan oaren te dragen. Dochs kin ús lijen wier wol wat betsjutte foar minsken dy’t ús min behannelje. Want asto dy der net tsjin fersetst dat se dy ûnrjocht oandogge, hat it ek gjin sin mear en doch dy ûnrjocht oan. Se berikke der neat mei. Har geweld brekt stikken op dyn geweldleazens. Har haat kitst ôf op dyn leafde. Dat is de ropping fan leauwigen dy’t yn ’e minderheid binne: it kweade oerwinne mei it goede. As wy leauwe dat dat it paad wie nei frede mei God, dan meie wy ek leauwe dat dat it paad is nei frede mei minsken.

Ik wit net hoelang’t je je deljaan moatte ûnder minsken dy’t je kwea dogge. Ik wit wol dat je de kar je net langer ûnder har del te jaan earst meitsje kinne, as je je wol ûnder har deljûn hawwe. Dat is it earste dêr’t wy foar kieze moatte. Of om noch ien kear Petrus oan te heljen: “Lit jimme hâlden en dragen ûnder de heidenen goed wêze. Dan sille se, ek al berabje se jimme as kweadoggers, as se jimme goede dieden sjogge, dochs God priizje de deis dat Hy komt”.

Je binne earst wier in stêd op in berch, at je it krús op ’e heuvel sjen litte.

Amen.